

# DOARPSNIJS

Nûmer 482

maart 2024

## KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

### De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlandsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



### It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
<a href="mailto:Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com</a>		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)		
Jelle Siemonsma	Nij-Amerika 16	
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje: [patrick.bottinga@politie.nl](mailto:patrick.bottinga@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)

Wykbehearder gemeente: [r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl), [0620548535](tel:0620548535) of [www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## FERHUZE



Aletta Schotanus nei Lyklamawei 13

## NIJE YNWENNER

op Heaburgen 10, Enrico Chin A Foeng



## FYTSTOCHT

Mei Peaske wurde aaien socht, opferve én opiten. Dêrom wurdt der op Peaskemoandei in fytstocht troch ús moaie doarp en omkriten organisearre. It is de bedoeling om ûnderweis sa folle mooglik aaien te sykjen én te finen. Wa't de measten fynt wint fansels in priis. Wat dat is bliuwt noch efkes "ûnder de pet"... De start is om 13.00 oere by it Doarpshûs.

## KOLLEKTE EN OPROP

Fan 25 o/m 30 maart wurdt de kollekte hâlden foar ' ZOA, van noodhulp naar wederopbouw'. Ek hjoed de dei noch aktueel, spitigernôch.

Elke dei komme der wer slachtoffers by, troffen troch oarloch, geweld of natuerramp.

ZOA helpt harren troch te soargjen foar de deistige behoeften en om wer in bestean op te bouwen.

It minste wat wy dwaan kinne, is helpe.

Helpe jo mei?

Tweintich jier ha ik no dizze kollekte organisearre. Tiid om it stokje oer te dragen. Wa soe dit dwaan wolle? It is mar ien wike yn it jier en net folle wurk. Ik hoopje dat der ien del komt op de Lyklamawei 23 of dat ik in tillefoantsje krij mei in posityve reaksje.

*Coby Hospes*  
0641696781

## SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshús vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda: vrijdag 29 maart, vrijdag 26 april, vrijdag 31 mei



## FOARJERSKONSERT SJONGKOAR EIGENWIZE

Ferline jier hie Sjongkoar EigenWize in jubileumjier, ús koar bestie doe 25 jier. Fanwege dat jubileum hiene we doe 2 konserten, ien yn de Fonteintsjerke en ien yn it MFC fan Aldemardum. Beide konserten wiene in grut sukses.

Dit jier ha we ien konsert, ús bekende foarjierskonsert, op **sneintemiddei 21 april o.s., yn de Fonteintsjerke yn Aldemardum.**

Ek dit belooft wer in spesjaal konsert te wurden.

Sjongkoar EigenWize is sels drok dwaande om lieten yn te studearjen foar dit konsert.

Mar boppedat krije jim Afrikaanske muzyk en lieten te hearren fan Zanggroep Kuzola út Velsen-Noord. In nij koarlid fan EigenWize song earder bij dit koar en sa ûntstie it idee om dit koar út te noegjen.

Kuzola bestiet út 25-30 frouen en troch harren sang hearre en fiele wy de sfear, de klankkleuren en de ritmes fan Afrikaanske muzyk.

It belooft in swingende middei te wurden!

De middei begjint om 15.00 oere en de yntree is fergees.

Bij de útgong kinne jo in frijwillige bydrage jaan foar de makke kosten.

Wij hoopje wer op in goede opkomst en wa wit oant dan.

*Bestjoer Sjongkoar EigenWize*





# KENINGSFEEST

27 APRIL 2024

GEZELLIG VOOR JONG EN OUD  
OP IT KENINGSFEEST IN NIJEMARDUM



27 APRIL 2024

15:30 / 21:00

STORMBAAN 17,5 METER

CATERING

SPRINGKUSSEN

KLEDJESMARKT

ZANDBAK

SCHINKEN

MUZIEK

FOODTRUCK

KORTOM, VAN ALLES TE DOEN!



DE KLEDJESMARKT IS VOOR IEDEREEN.

U BENT VRIJ OM HIER AAN DEEL TE NEMEN. OPGAVE IS NIET NODIG.



## **WA BIN IK?**

Efkes wenne: in nij riedsel, mar oan de reaksjes te fernimmen foel it wol yn 'e smaak!

No net op speurtocht troch Nijemardum, mar noflik harsenskraabje op 'e bank.

De oplossing is: Rein Altenburg.

Wiet waar : Rein.

Âld slot yn Dútslân : Altenburg.

Net al te dreech om mei te begjinnen.

De droege woarst is yn elts gefal foar Minke

Nadema, lokwinske!

En dan no dizze mar probearje .

**“Wiet waar by**

**in âld Slot**

**yn Dútslân”**

**Lytse Ane mei de rokjes**

**oan koe min stil sitte**

**en**

**foel fan 'e râne fan it dak**

Belje nei nr. 571889

Of mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

*Jantsje*

## NOCH BIJ JUF

Wêr sil ik dit kear hinne op ynterview?

It soe wol leuk wêze om wer ris in bern fan de basisskoalle te freegjen. Karst Zoethout rydt myn hûs elke dei foarby, as hy nei skoalle giet. As hy my sjocht, neamt hy my noch altyd ‘buorfrou’. Karst hat in jier neist my wenne, fan 2018 oant simmer 2019. Hy siet noch yn it loophek doe’ t ik dêr foar it earst yn ‘e hûs kaam. No “skeurt” er it leafst sa hurd mooglik op in trekker mei oanhinger of op de skelter oer it trottoir. Soe Karst it leuk fine dat ik no wer ris del kom? Syn heit tinkt fan wol, dus rin ik op in moaie, kâlde sneontemoarn nei myn efterbuorlju, dy’ t op de Master Bodestrijtte 8 wenje.



Karst, koart hier, mei rossige stikels boppe op, dy’ t bûten mei syn kroade krekt nei foaren rinne sil, sjocht my oankommen. “Heit, wy kinne drekt wol ophâlde”, en hy keart de kroade en rint werom it hiem op nei syn heit Marten Zoethout. Ik snap it: Karst is it leafst bûten oan ‘e gong en no moat hy mei nei binnen. Ik fernuverje my oer it grutte hiem en sjoch in loop mei hintsjes! Ik wist net dat sy dy hienen en dus ek aaien. Omdat myn hinnen ek wer goed lizze, hie ik foar harren 4 aaike mei, mar dy kin ik wol yn ‘e tas sitte litte. Der sitte ek noch twa bargemotten (cavia’s) yn in hok en Karst krûpt der by yn om ien fan de twa te fangen. De bargemotten binne it der net mei iens. Efkes letter sitte wy oan de keukentafel yn harren smûke hûs, dat al krekt sa rom is as de tún.

Mem Anneke is mei Jelko (4) nei Aldemardum mar komt al gau dêrnei ek thús. Wy kinne begjinne!

### Hoefolle jier bisto Karst?

Hy stekt de fingers yn ‘e loft, earst fjouwer, noch ien derby en ek de tomme fan syn oare hân komt derby. Mar dy moat noch efkes wachtsje; Karst is hast 6 jier.



## **Yn watfoar groep sitsto?**

Yn groep twa by juf Feikje en freed by juf Corry.

## **Hoe fynst it op skoalle?**

Leuk.

## **Wat fynst it leukst?**

Alles. (Wat hearlik) As ik trochfreegje, hear ik dat it boartsjen mei lego favoryt is. Ek thús is hy graach mei lego dwaande. Hy lit grutsk sjen wat hy allegear al makke hat: in trekker en in brânwachtkazerne. It stiet allegear heech yn 'e kast want se ha ek in 'sloper' yn 'e hûs.

## **Wat is it tema op skoalle, wêr ha jim it oer?**

Oer de bistetún; de bisten dy' t dêr wenje en de ferskate hokken. Se ha ek in prairiehûntsje yn 'e klas, hear ik fan mem. Dy is wat oranje mei in koarte sturt, neffens Karst. Se ha in hiel gangenstelsel foar him boud mei wc-roltsjes. Thús google ik dit bistke en sjoch dat it hielendal gjin hûntsjes binne mar "knaagdieren". Yn it Frysk is dat 'kijfdieren' mar dat wurd brûkt gjin mins.

## **Hast ek freonen en freondinnen?**

Wol 4: Brecht, Joas, Jurre en Roan. Ik hear fan mem dat se in grutte klasse ha. Der sitte wol 25 bern by de kleuters. Ek in famke út Poalen dy 't allinne Poalsk



prate kin. Freed prate de bern Frysk, de oare dagen is Nederlânsk de fiertaal. Mar Karst kin ek Ingelsk. "Witsto wat wipwap yn it Ingelsk is", freget hy. Ik moat it antwurd skuldich bliuwe. "Seesaw", fertelt hy grutsk en hy kin ek yn it Ingelsk telle! Knap, hear!

## **Wat wolst letter wurde, ast noch grutter bist as no?**

By Douwe Hoekstra oan it wurk. Op 'e kraan, trekker mei jarretank, mini shovel of op 'e dumper, liket him wol leuk.

Yn de Koroanatiid hie Douwe alle materiaal bûten stean en koest der by lâns ride. Foar Karst it walhalla. Hy mei graach it materiaal 'spotte' en giet wol gauris nei it terrein fan Hoekstra.

### **Wat binne dyn hobby's?**

Karst is echt in bûtenjongen en helpt heit graach mei túnkkluskes. Hy fynt gersmeanen leuk wurk. De "robotmaaier" is gelokkich noch yn 'e fakânsjemodus, dus mocht Karst sels oan 'e bak. Pake Johannes hat in sitmeaner. Dat fynt er hielendal moai.

As Meine Pietersma yn it lân dwaande is mei de pakjespers of fredro, komme de stuoltsjes by it stek te stean en sjogge se nei de aktiviteiten yn it lân.

### **Dochst ek oan sport?**

Karst sit op kabouterfuotbal; ien kear yn 'e wike traint hy derfoar. Heit jout trainen en Jelko mei dan ek meidwaan. Se traine alwer bûtendoar. Fan 't winter ha se in toernoai hân yn Staveren: 5 tsjin 5. Se ha in medalje krigen. Mei tank oan Karst dy 't ek skoard hat.

### **Sjochst wolris nei de tillevisje?**

Jawol, mar it leafst op de i-pad. Spultsjes mei 'farmers' en YouTube.

### **Meist elke dei op de i-pad?**

Allinnich yn it wykein en op woansdei.

### **Hâldst ek fan muzyk?**

Karst knikt. "De vloer is lava" fynt hy leuk.

Dat is fan de Snollebollekes, sjoch ik thús. Lekkere stampmuzyk. Karst hâldt fan Nederlânsktalige muzyk.

Hy hat fan 'e moarn betiid (hy siet al om 7 oere yn 'e auto) al swimles hân en op de weromreis lústert hy graach nei muzyk. No snap ik dat hy hast syn nocht hat. Hy sjocht wol gauris nei syn mem, sadat dy him helpe kin mei it antwurd.

### **Helpst heit of mem wolris?**

Dat docht hy graach; heit by it bûtenwurk en mem as dy oan it kôkjen of bakken is. Hy kin hiel goed cupcakes fersiere én opite.

De fuotten komme al op tafel, it brânt Karst yn, hy moat bûten oan it wurk. Ik sil avensearje.

### **Wat fynst it lekkerst om te iten?**

De fjouwer p's: pankoeken, poffertsjes, pizza en patat. En hasjé en makarony.. "En dy lytse boltsjes, mem fynt se net lekker." Karst kin mar net op 'e namme komme en Marten en Anneke ha ek gjin idee. Op it lêst freget Anneke wêr 't se



yn de winkel lizze. Dat blykt de goede fraach te wêzen want dan komme wy der achter dat it om kapucijners giet.

### **Bist ek op fakânsje west?**

Omdat se ôfrûne moandei stúdzjedei hiene op skoalle, hat it hiele gesin in lang wykein nei Brabân west. “Wy moasten wol trije oeren yn ‘e auto sitte”, fertelt Karst, wylst hy trije fingers omheech stekt. Se ha nei it Vennenbos west, in Bollopark wêr’ t se nei in teatershow west ha fan Pelle en Puk.

Jelko brekt yn om te fertellen dat hy mei Puk en Pelle op de foto kaam is. Marten moat foto’s opsykje op syn tillefoan en dan krij ik it bewiis te sjen.

Fierder ha se noch op Texel west, nei Nijverdal, Hardenberg en yn de hjerstfakânsje geane Karst en Jelko foar it earst yn in fleantúch, nei Turkije! Se ‘vluchte’ dan, fertelt Anneke. Wêrfoar? Sy wurdt dan...jier. Einliks wol se it der net oer ha mar ik sis it lekker toch: Anneke hopet dan 40 jier te wurden.

### **Ast no in tovenaar wiest en do mochtst in winsk dwaan, wat soest dan winskje?**

Karst syn eagen begjinne te strieljjen. As dat no ris mooglik wie? Hy soe hiiiiiiel graach in quad ha wolle en in trekker.

Wy binne klear mei it ynterview,; yes, Karst krijt in lolly, dêr’ t hy de hiele tiid al sin oan hat.

Op it oanrjocht sjoch ik ek noch in fiskekom stean.

Karst klimt op it oanrjocht om se sjen te litten: in goudfisk en in ‘bûtenlanner’.

Hy sit fol fan de natuer en docht gau de overall oan om syn wurk ôf te meitsjen. Jelko giet ek mei en as ik freegje of hy it ek leuk fine soe om frege te wurden foar in ynterview, seit hy daliks ‘ja’. Moai om te witten, wy sille it ûnthâlde.

Buorfrou giet wer fuort en sy hopet dat Karst letter in baantsje kriget by Douwe Hoekstra. Dy is bliid mei de jeugd sa as wy lêzen ha yn it foarige krantsje. Dan hoecht er ek net te ferhúzjen en kin er yn syn frije tiid it hiem noch ûnderhâlde.



*Coby*

## **ROMMELMARKT**

Zaterdag 18 mei van 9.00 tot 12.00 uur is er weer een Rommelmarkt in Dorpshuis van Nijemirdum.

Entree: €1,00

Heeft u “rommel”. Zet dit dan vrijdagochtend 17 mei bij de straat dan wordt het na 13.00 uur opgehaald.

Spullen die u vast kwijt wilt kunnen van te voren bij Yde Groenhof worden gebracht.

Wel graag in overleg. Telnr Yde: 06-54656224.

Wij nemen NIET mee:

Witgoed (wasmachines, koelkasten etc).

Bedden en matrassen

Bankstellen

Wandmeubels en dressoirs

Zware fauteuils.

Wij zien jullie graag 18 mei om 9.00 uur.

De rommelmarkt commissie:

*Wiebren Hoekstra, Jeltsje Hoekstra (06-48907819) en Antje Winia*

## **PLAYBACKSHOW**

Ja jimme lêze it goed, wy Ylse en Iris organisearje dit jier wer in playbackshow.

Sneon 28 septimber sil dit plakfine yn it doarpshûs .

Wy ha der sin oan, jimme ek?

Fierdere ynfo folget noch, mar jimme kinne yn elts gefal mar begjinne te oefenjen.

Groetnis

*Ylse Hoekstra, Iris Holtrop*

Mei Peaske set  
de Paus steefêst

“de Bluhmetjes  
Boiten”



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoerders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/repairatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

## **DUOFYTS RESERVEARJE:**

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



## **INZAMELINGSPUNTEN:**

Wat:

Plastic doppen van flessen,  
tubes, potten en bussen

Inkt-cartridges, toners en  
oude mobieltjes

Metalen/blikjes/doppen /  
deksels/ spuitbussen

Waar:

Fam. Strampel,  
Heaburgen 1

Fam. Hoekstra,  
Hoitebuorren 18a

Fam. Rienstra,  
Omrin 14


t.b.v.:

KNGF

blindegeleide-honden.

Stichting  
Kinderhulp Oeganda

[STOPhersentumoren.nl](http://STOPhersentumoren.nl)



## AGINDA

25/30	maart	ZOA kollekte	
29	maart	Snackjûn doarpshûs	
30	maart	Pubkwis	20.00
5	april	Betinking Oarlochsmonumint Sânfearterhoeke	13.15
21	april	Foarjierskonsert Eigen Wize, Fonteintsjerke O'm.	15.00
25	april	Kledingactie SV NOK afd. volleybal	
26	april	Snackjûn doarpshûs	
27	april	Keningsdei	
18	maaie	Rommelmerke	
28	sept.	Playbackshow	

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op tongersdei 25 april

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 15 april**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)